



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSE GEMEENTE

Wirdum Fr e.o.

KRYSTFEEST

Snein 25 desimber 2007

IER EN BETIID

Moarns om healwei sânen, at it noch tsjuster is en de minsken yn Wirdum noch slomje, klinke de klanken fan brassband "Looft den Heer" troch de stille nacht. Minsken wurde wekker en heare oan die muzyk dat it echt wier wer Krystfeest is.....

DE TSJINST

It is drok in tsjerke. Hjir wol je bei wêze ommers....

De bemoediging wurd útsprutsen troch ús dûmny en it bern fan de snein. Dizze kear Hessel Reitsma



Hessel giet dernei alle kearsen op de ljochtberg oanstekke. En yn de berch is no in grot mei in kryststal.

Dûmny fertelt noch efkes fan hoe it gie mei de spoarsikers. In loupe die Janny mei naam. De bûslampe fan Wimke. De fiersjogger fan Haaije en de bril fan Silvia. Sy binne der allegearre en krije harren spullen werom.



Tekst

Der wurd lêzen út Jesaja 9 fers 1 – 6 en út Matteüs 2 fers 1 – 12.

Yn de preek wurd útlein hoe je ferskillend tsjin dingen oan sjogge. Matheüs fertelt it ferhaal sjoen troch de eagen fan Jozef. Lukas docht dat troch de eagen fan Maria. Je lêze dan oer it selde barren mar mei in ferskillende ynfalshoeke. En dan de magiërs of wizen. Sy folje in ljochtspoor en komme yn Jeruzalem. Logysk want at je in Keningsbern sykje geane je nei it plak wer de macht sit. En yn Jeruzalem sit de Herodes, de kening.

Die skrikt tige want hy wit no dat der noch in Kening berne is. In konkurrint. En der wurde je senuweftich fan. Hjoed de dei is dat noch sa. Sjoch nei Poetin die er alles oan docht om oan de macht te bliuwen. Mushjarraf fan Pakistan wol ek de macht hâlde. Mar sjoch ek nei ús klimaat. It klimaatferdrach is noch net tekene op Bali of de auto-yndustry klaget oer hege kosten en regearingen probearje der ûnder út te kommen. It eigen belang komt dan boppe driuwen. Nei dat de wizen Jezus fûn hawwe krije sy in dream. Die dream folgje sy en foar de weromreis nimme se in oare wei.

At je Jezus moete hawwe kinne je in oare wei gean. Jezus wiest ús die neie wei. Die kinne wy ek gean.

FOARBEDE

Foar it gebed stelt de predikant fest dat maaie net allinnich de maand is wêryn in protte minsken trouwe. Ein novimber en de maand desimber wienen der ek tige best foar. Hy neamt de jubilea. Fam. Weerstra. 40 jier trout. Fam. Steringa. 40 jier trout. Fam. Adema. 40 jier trout.



Fam. V.d.Woude. 45 jier trout.
 Fam. Bouma 55 jier trout.
 Fam. Talsma. 40 jier trout.
 Fam. Mink. 40 jier trout.
 Fam. Wolters. 25 jier trout.
 Der hawwe foar dankt yn it gebed.

Blommen

De blommen gongen nei tige warbere tsjerkrint-master Wiebe Brouwer en syn frou Griet. Beide binne thús mei in goarre en dat spyt harren tige.



De kollekte

1e kollekte wie foar Kerk in Actie en dan foar Kinderen in Nood. Krekt as juster foar de opfang fan wezen in Ethiopie.
 2e kollekte wie foar de tsjerke

Spoaren fan ljocht

Het Friesch Dagblad van 27 december 2007 schrijft:

Elke adventszondag begon met een speciaal gedeelte voor de kinderen van de zondagschool en de volwassenen samen. De voorganger en het 'kind van de zondag' openden samen de dienst en vroegen zich af of er nog ergens licht te vinden was, temidden van alle donker. Zou er iemand in de kerk zijn die ons op het spoor van het licht zou kunnen brengen? Ds. Hinne Wagenaar: "Tot onze 'opluchting' was er elke week een spoorzoeker, die een eigen verhaal op ervaring vertelde. Deze spoorzoekers verstonden de kunst om de mensen anders te leren kijken, scherper te observeren, verder te laten kijken dan hun neus lang is. Daarna werden de adventslichten door de kinderen aangestoken".

Aan het einde van de dienst deelden leden van het Praethuys –de commissie die de mensen op een creatieve wijze wil betrekken bij de kerkdiensten – een lantaarn met het

adventslicht uit aan de aanwezigen. Iedere ontvanger mocht deze lantaarn één dag houden en de volgende dag naar iemand anders brengen. De volgende zondag moest de lantaarn weer terug in de kerk zijn. Op de tweede advent werden twee lantaarns uitgedeeld. Op de derde drie en op de vierde adventszondag vier lantaarns. Zo trokken deze lantaarns 'sporen van licht' door de dorpen Wirdum, Swichum en Wytgaard.

Wagenaar: "Het licht was natuurlijk niet alleen bestemd voor leden van de kerkelijke gemeente. Integendeel. Het was de bedoeling om het licht door de dorpen te laten gaan. Ieder die een lantaarn ontving moest zich bezinnen. Aan wie geef ik het licht door?" Sommigen hebben lang nagedacht over de keuze, voor anderen moest de lantaarn 's avonds haastig nog naar de burens. Maar de lantaarn werd ook gebracht naar mensen met wie *âld sear* goed te maken was, of naar mensen die net hun partner hadden verloren, of naar mensen die ernstig ziek zijn. "Opvallend was dat veel mensen op kerstmorgen het spijtig vonden dat zij de lantaarn niet hadden gehad. Samen hadden de lantaarns vanaf zondag 2 december vijftig adressen aangedaan".

Yn de tsjinst binnen alle nammen foarlêzen fan de minsken wer in lantearne west hat. Dizze prachtige listen sille bei dit zon-dag boek bewarre wurde.

As ôfsluting fan dit projekt wurde de lantearnen meijoon oan de minsken die him as earste krige en fuortbrocht hawwe.

Janny van der Wal, Wimke Duhoux, Haaije de Boer en Silvia van Oosten. It Friesch Deiblêd had in foto fan dizze minsken mei harren lantearnen pleatst.



Meiwurkers

Foargonger: Ds. Hinne Wagenaar.
Âlderling fan tsjinst: Teake Posthuma.
Koster: Jannie Smids.
Begelieding: Brassband "Looft den Heer".

De foargonger betanke alle minsken die oan de tsjinsten fan de advint en de kryst meiwurke hawwe. De leden fan it Praethuys en sneinsskoalle binne tige warber west mar ek al die oare minsken die betrokken wienen by de



organisaasje.

De brassband spile prachtich.

De foargonger wisde noch efkes op de liturgy.

It gearstallen mar ek it typen nimt tiid. Hendrik Hiemstra hat dit typen tige lang foar syn rekken nam en hâld der no mei op. Wy binne bliid dat hy dit sa lang dien hat!

Foar brassband en Hendrik is der applaus.